STIFTING IEPENLOFT DE TYNJE PRESINTEARRET:

Spetters

PARSEBERJOCHT

De Tynje, 25 maart, 2016

De Tynje bringt filmklassiker as iepenloftspul

Fan it wite doek yn 1980 nei de iepenloft yn 2016. Stifting Iepenloft de Tynje spilet dit jier *Spetters*, in ferhaal basearre op de ynfloedrike spylfilm fan regisseur Paul Verhoeven. Fiif jûnen spektakel, mei in spetterjende premjêre op freed 27 maaie.

Spetters is in rau portret fan trije motorcrossende freonen út de provinsje, dy't har besykje los te meitsjen út har neargeastige miljeu en in fanke dat har libben yn in patatkream ûntflechtsje wol. Tsjin it dekôr fan in wiere crossbaan sil him in boeiend ferhaal ûntjaan oer jongeren dy't har dreamen neijeie foar har âlders oer, dy't har realisearje; "Wat haw ik no eins fan myn dreamen wier meitsje kinnen?". Lykas yn de film spylje tema's as it seksuele aard en it leauwen in belangrike rol yn dizze syktocht nei in eigen identiteit. In syktocht fol striid, kreativiteit, relativearring en ûnbedimbere enerzjy.

It Iepenloftspul *Spetters* is in foarstelling ûntstien út de gedachten en libbensûnderfinings fan de twa froulike regisseurs, Rieneke de Haan en Atsje Lettinga. It tema fan de oarspronklike film is as útgongspunt brûkt en troch skriuwer Bouke Oldenhof omset ta in prachtige toanielfertolking dy't him perfekt lient foar de Tynster iepenloft!

Nei in try-out op 25 maaie sil it iepenloftspul op 27 maaie yn premjêre gean, wêrnei't der nóch trije jûnen folgje sille (28 maaie, 1 & 3 juny). Mis dit net! Kaarten fia www.iepenloft.frl

SIDT Stifting Iepenloft De Tynje

25 MEI	21:00 TRY-OUT	27 MEI	21:00 PREMIERE	28 MEI	22:00 NACHTVOORSTELLING	01 JUNI	21:00 VOORSTELLING	03 JUNI	21:00 VOORSTELLING		

STIFTING IEPENLOFT DE TYNJE PRESINTEARRET:

Spetters

Foar de redaksje

Oer Stifting Iepenloft de Tynje

It is alwer seis jier lyn dat in groep entûsjastelingen, mei stipe út alle hoeken, wat ûnfoarstelbers op poaten wist te setten yn de foarm fan it muzykspektakel Jesus Christ Superstar. De Tynje en omkriten waard massaal grypt troch it iepenloftfirus en ûnder de flagge fan SIDT kaam yn 2013 dan ek de Kayla May oan om diel út te meitsjen fan it prachtige Piratewiven fan Kaptein Bree. Stifting Iepenloft de Tynje (SIDT) stribbet dernei om ienris yn de trije jier in iepenloft spektakel op de 'planken' te bringen.

Mei de rockopera Jesus Christ Superstar waard sels in Gouden Gurbe (de Oscars fan de iepenloftspulwrâld) foar bêste foarmjouwing yn de wacht sleept.

Produksje:	Skriuwer:	Bouke Oldenhof	
	Regisseur(s) :	Atsje Lettinga	
		Rieneke de Haan	
	Muzikale lieding :	Sander Stienstra	
Data foarstellings.	Try-out :	25 maaie 2016	oanfang 21:15
	Premjêre :	27 maaie 2016	oanfang 21:15
	Foarstelling :	28 maaie 2016	oanfang 22:00
	Foarstelling :	1 juny 2016	oanfang 21:15
	Foarstelling :	3 juni 2016	oanfang 21:15
Publisiteit:	Foar ynformaasje, fotomateriaal en ynterviews kinne jo kontakt opnimme mei Björn Sinnema, 06-46355292, e-mail: info@sidt.nl		
Ynternet:	www.iepenloft.frl www.iepenloft.frl/pers		

SIDT Stifting Iepenloft De Tynje

25 MEI | 21:00 TRY-OUT
27 MEI | 21:00 PREMIERE
28 MEI | 22:00 NACHTVOORSTELLING
01 JUNI | 21:00 VOORSTELLING
03 JUNI | 21:00 VOORSTELLING